1-4-'77

't SKIEPPE-STURTSJE

doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

1e Jiergong " IT SKIEPPESTURTSJE " Nû. 4.

REDAKSJE: Henny Leicht,
Wyke Blanksma-v.d. Witte, tel. 9487
Jan Melchers, ,, 4116
Rients van Buren, ,, 9280
Jan Dijkstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dijkstra-v.d. Meer.

OMSLAG: Albert van Lingen Jr., Ljouwert.

REDAKSJEADRES: Sylroede 5.

BANKRELAESJE: Rabobank, Bolsward; rek.nr. 3087.56.800,
t.n.v. It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.-.-.-

De belangstelling voor het volleyballen was eerst geweldig groot, liep daarna snel terug, maar was na de vakantie weer goed te noemen. Misschien is de organisatie niet zo goad geweest. We zullen dit op de ledenvergadering met de leden bespreken.

Jammer, dat de dorpen-kompetitie dit jaar niet kon doorgaan. Volgend jaar hopen we hem zeker te houden.
Op 23 augustus hebben we een ledenpartij kaatsen gehouden. De deelname was niet zo geweldig groot; er waren nl. 6 parturen bij de senioren en 3 parturen bij de junioren.
De senioren hebben een halve kompetitie gekaatst en de junioren een hele kompetitie. Bij de senioren was de prijsverdeling als volgt:

1e prijs: M. v.d. Wal, A. de Haan, C.P. Goeman;
2e prijs: I. Schukken, A. Gietema, R. v.d. Wal;
3e prijs: J. Blanksma, H. van 't Zet, J. v.d. Stap.

Bij de junioren was er één prijs te winnen. Deze werd gewonnen door: R. Schakel, Kl. Nauta, M. Poelstra.
Het kaatsseizoen werd besloten met een gezamenlijke ledenpartij Workum - Tjerkwerd op 17 september. Deze partij is bij de kaatsers zo goed bevallen, dat de besturen besloten hebben, om hier een traditie van te maken. De partij wordt dan wel eerder in het seizoen gehouden. De deelname was nu ook niet zo geweldig groot. Er stonden nu 7 parturen op de lijst.
Na een prachtige middag kaatsen, werden de prijzen en kransen in het Waltahûs uitgereikt.
De eerste prijs werd gewonnen door:
J. Meindertsma, Y. Hiemstra, K. Kuipers;
2e prijs: K. v.d. Wei, W. Zwiers, R. v.d. Wal;
3e prijs: M. vad. Wal, B. Walsma, G. Kemker.
verl.ronde H. van 't Zet, A. de Haan, A. v.d. Wey.

Bij de junioren werd de 1e prijs gewonnen door:
R. Schakel, Sj. Nauta, J. Postma;
2e prijs: J. v.d. Wal, Sj. Bakker, K. Nauta.

Op woensdagavond 15 september zijn we gestart met de gymnastiek. De belangstelling hiervoor was groot, zo groot zelfs, dat we nu 3 groepen hebben gevormd, nl.:
groep 1: jongens en meisjes t/m 13 jaar, van 6.30 - 7.30 uur;
groep 2: jongens en meisjes van 14 jaar tot ± 25 jaar, van 7.30 - 8.30 uur;
groep 3: getrouwde dames van 8.30 - 9.30 uur.
Als er nog gymnasten zijn die zich willen opgeven, laten ze da dan zo spoedig mogelijk doen. Vooral bij groep 1 en 2 kunnen nog wel enige jongens en meisjes bij.

Burgemeester Tjeerdsma: "Kogel is door de Kerk" in de ruilverkaveling Wonseradeel-Zuid.

Op maandag 12 september werd op het Gemeentehuis te Witmarsum, de voorbereidingscommissie van de ruilverkaveling Wonseradeel-Zuid geïnstalleerd.
Na een lange tijd van voorbereiding, is het nu toch zover gekomen. De ruilverkaveling werd namelijk aangevraagd in 1957, voor de gehele gemeente Wonseradeel. In 1967 viel het besluit van G.S., dat de aanvraag in twee gedeelten moest worden gesplitst, namelijk: Wonseradeel-Noord en Wonseradeel-Zuid. Ruilverkaveling Wonseradeel-Noord is reeds in uitvoering. Burgemeester Tjeerdsma was blij met de installatie. Burgemeester bleek nu zijn bijzondere aandacht voor de plaats Makkum niet onder stoelen of banken te steken. Makkum heeft kans op een nieuwe verbinding naar de Afsluitdijk.

Ook de zuidelijke verbindingen dienen te worden gerealiseerd, nu er een ruilverkaveling komt. Ook de andere plaatsen in deze ruilverkaveling dienen even grote aandacht te verkrijgen, wanneer de voorbereidingscommissie haar plannen zal ontwikkelen. Het is zeer gevaarlijk een problematiek te voeren, dat op enkele plaatsen in een ruilverkaveling is gericht. Mede door het kleine-dorpen-experiment zou dit mee kunnen helpen tot een opleving van de werkgelegenheid en voorkomen van de ontvolking van de dorpen.

Zoals bekend, gaan Gedeputeerde Staten van Friesland naar Den Haag om haar wensen op tafel te leggen. Zo'n kleine dorpen-experiment zou net wat zijn voor minister Harry van Doorn. Het welzijn van de gehele gemeenschap in de ruilverkaveling is hierbij betrokken. Namens de gemeenschap is zij vertegenwoordigd in de persoon van Mr. Klaas Bijleveld uit Sneek. Dat het lang heeft geduurd, kon men van de heer L. Stellingwerf (Hoofdbestuurslid van de Friese Maatschappij van Landbouw) horen.
Op het punt van de voorzitter kon men het onderling niet eens worden, dit is meermalen luidop gezegd. Dit is een zaak, die nu is opgelost en laten we hopen, dat de voorbereidingscommissie haar taak met wijsheid en met voortvarendheid mag verrichten.
Dat er een commissie uit de bus is gekomen, waarvan de leden wat bijelkaar aan één kant van het blok wonen, zou in de praktijk moeilijkheden kunnen opleveren, maar het gezegde luidt:

"De juiste man op de juiste plaats".

De spanning stige, hwa soe it winne,
hja, dy't de fûlsten binne?
Dêrnei stiene de draken al heech yn'e lôft;
lyts, great, moai forsiert, sommigen gongen kapot.
Jouns roun de seal hwer grôtfol,
"Hwa wurdt Beppe", jo seagen it oan de eagen al,
in pracht stik en geweldich brocht.
Wy moatte dit mar in bytsje oanhâlde, hiene we tocht.
Doe noch efkes fan de flier,
mei muzyk fan de "Avonturiers".
Dit feest wie yn ien wurd tige slagge,
jimm' ha it allegear mei ús makke,
allegear ha jim der in protte foar dien;
ik soe sizze: "wer sa'n feest takomm' jier"!

Iet Galama.

-0-0-0-0-
-0-

Utslaggen fan de beide feestdagen:

KEATSEN: 1. Jan Blanksma, Huib Witteveen en Frans Mulder;
2. Durk Bakker, Geert Fabriek en Jaap v.d. Wal;
3. Hein Gietema, Auke de Haan en Meinze Bakker.

VOLLEYBAL: 1. Rika Fabriek, Ieke Bakker, Sjoerd Nauta, Sico Postma, Wiebren Bakker, Broer Dijkstra.

2. Pier Burghgraef, Hillie Hiemstra, Iep Witteveen, Bart Gietema, Wietske Brandsma, Johnny Maurix.

JEUGD-VOLLEYBAL:
1. Hielke Schakel, Hendrik Brouwer, Sytske Postma, Ruurd Gietema, Annie Brouwer, Sybren Schakel.

BERNESPULLEN KLEUTERS:

1. Niek de Boer; 2. Boudewijn Ydema; 3. André Huitema.

Klas 1 en 2: 1. Anneke Gietema; 2. Jeltje Feenstra; 3. Anne Hans de Boer.

Klas 3 en 4: 1. Bea Gietema; 2. Bertus Rinse Bakker; 3. Tineke de Rijke.

In doel, dat men net sterk foar eagen hâldt is
gjin doel, mar in dream.

Hoe't it allegearre bigoun is? Ik wit it net krekt maar. In jongere kollega soe de âlvestêddentocht fytse op Pinkstermoandei, mar moast yn Snits bilies jaen. Nou, en dan komt fan it iene it oare en foar't ik my eins realisearre hwêr't ik oan bigjinne soe, lei dat bislút der: "Ik fyts de âlvestêddentocht En sa bin ik 9 juny, nachts om healwei trijen fanút "Huize Martinus" yn Boalsert, úteinsetten.

It wie alder prachtichst stil waer, mar noch wol hwat kâld. Dêr wie ik lykwols op klaeid. Ik hie de panty's ûnder de koarte broek oanlutsen, de wanten oan en in pet op. Fiif minuten oer healwei fjouweren wie ik yn Harns; de Brouwersstrjitte troch nei de Liuwebrêge ta, mar gjin giele strepen to sjen, dat ik tocht by mysels: "Rinske, dou sitst net goed". Ik ried werom nei de Brouwersstrjitte en dêr fan de fyts om giele strepen to sykjen.
Ik krige al gau help. In plysjeauto mei twa plysjes dêryn, stoppe njonken my. "Goede morgen mevrouw, mist u iets", "Goede morgen heren. Ik ben van plan de elfstedentocht te fietsen en nu kan ik de gele strepen op de weg niet vinden".

Nou, de hearen wiene alderfreonlikst. Hja noegen my út efter harren oan to fytsen dan soene se my de wei wol wize. Efkes letter kaem it wurdtsje STOP op de auto to stean. Ik wer fan de fyts. De hearen moasten earst efkes nei it buro, mar dan soene se paed wize.
Nou hie ik der net folle sin oan, hwant dat koste allegearre tiid, mar it skynde nochal needsaeklik to wêzen, dat de mannen op it buro forskynden en ik foun it ek wol avontuerlik.

De mannen stapten wer yn'e wein en ik op'e fyts der efter oan. It blauwe swaeiljocht kaem oan en troch de stille strjitten fan Harns skalde de plysjemykrofoan: "Volgt u maar". Hwat hie'k in wille!
It sa needsaeklik nei it buro ta moatten, wie fansels mar in doekje foar it blieden. De mannen founen it op syn foarsichtichst sein, allegearre in lyst bytsje nuver mei my!
Hja moasten sjen hwat ik yn'e fytstassen hie: nou, bôlle en kâlde thé, mar der waerd noch wol efkes rûkt oft it gjin beareburch wie. "Nee heren, geen alcohol". Wy mei syn trijen der yn. Der wiene noch mear plysjes, der waerd efkes praten en doe kaem der ien op my ôf, dy't graech it iene en 't oare witte woe. Hwer't ik wenne, bertedatum en plak, hoe âld ik wie

Sa om en de by healwei fiven, hie'k Starum to pakken.
It ein nei Hylpen foel my net ta. It wie lang; ik fonn tominsten dat it lang wie. Ik wie op't lêst bliid, dat ik yn it "Kalkoentsje" in bakje kofje bistelle koe.
Ik bin nea oan de kofje takommen. Ik fielde my hwat nuver en doe ha'k in stikje mist!
Doe't ik wer hwat by myn sûpe en stût wie, stiene se om my hinne mei in glês wetter.
It swit roun my by it gesicht del. Doe't se praten oer de dokter, wie ik al wer folle better. "Gjin dokter", ornearre de suster Bakker yn my en dyselde stelde in diagnose.

Rinske Bakker hie in to koart oan natrium of om't oars to sizzen, se hie to min dropkes iten.
Mar it fytsen wie wol fan de baen; ik moast de minsken, dy't seine dat it net mear koe, ditkear gelyk jaen.
Rinske joech bilies.

Broer Wiebe wie sa goed om my op to heljen en sa die bliken, dat it doel dat ik sa goed foar eagen hie, dochs noch in dream west hie.

Rinske Bakker.

==========

Plaatopname jeugdkoor "Con Spirito".....

A.s. zaterdag 1 oktober zullen we met ons jeugdkoor de opnamen gaan maken voor een langspeelplaat, die eind december (bij ons 5-jarig jubileum) hopelijk zal verschijnen.

Zaterdag is daarom voor ons een heel belangrijke en waarschijnlijk ook een zware dag.
Een deel van ons dorp (Singel, Kade en Kerkstraat) zal die dag voor gemotoriseerd verkeer afgesloten zijn, wat natuurlijk voor de bewoners een brokje ongemak betekent.
We willen U echter dringend verzoeken, rondom de kerk, de grootst mogelijke stilte in acht te nemen; dit is voor ons heel erg belangrijk.

Wij hopen, dat U ons verzoek in acht wilt nemen, dan hopen wij U in december het resultaat te kunnen laten horen.

Attie Bakker.

It waerd allegearre opskreaun. En oft ik ek dronkene lju by de dyk lâns sjoen hie. "Jawis", koe ik sûnder mankearen ûnderje, "wol fiif en ien frege oft ik in babydoll oan hie". Doe woed er noch witte hwat ik fan doel wie. Nou, de âlvesteddentocht fytse, as it heal koe.
De plysje rette it my o sa ôf; sûnder to trainen op in âlde fyts en dan by't tsjuster. Ik sei: "heren, het licht tegemoet", hwant it wie sa njonkenlytsen al 4 ûre.
De brigadier wie sa goed net of hy sette as earste de tiid fan oankomst en syn stimpel yn myn opskriuw-boekje.

Sa, it hwat drege bigjin wie der. Om 5 ûre koe ik ôfstimpelje yn Tsjummearum; fiif foar healwei sawnen wie ik yn Hallum. Fan Hallum oan Holwert ta hat it nochal hwat reind en doe seach ik de reis frijhwat tsjuster yn. Nei Holwert waerd it better en fiif minuten oer healwei achten yn Dokkum wie it droech. Hwat is't oars noflik, oeral troch Fryslân goekunde to hawwen. Sadwaende koe 'k yn Dokkum in healûrke by in kollega byprate.

Doe meinoch och sa folle moed op nei Ljouwert. Der wie om healwei tsienen ien fan garaezje "De Zeeuw" sa freonlik, syn hân to setten.
Krekt twa ûren letter stapte ik foar "Huize Martinus" yn Boalsert fan de fyts. Dêr haw ik my it iten hearlik smeitsje litten, mar net folle tiid forgriemd, hwant in ûre letter stie ik noch sa fit as hwat foar it stasjon yn Snits.

De reis nei Drylts wie yn in lyts healûre bislikke. Om twa ûre fytste ik Sleat yn en frege yn in kafeeke om in bakje kofje en in hântekening. Beide koe ik fan herten krije en mei in kertierke soe it wer wêze, mar nearne de fyts to sjen. In tige freonlike jongkeardel hat mei my hiel Sleat en omkriten troch west, mar gjin fyts.....
Nou wie ik fansels net fan doel om op to hâlden, om't immen myn fyts stellen hie. Boppedat soe ik sa'n smoesje fansels net kwyt kinne. Eltsenien soe sizze, dat ik nou moai ophâlde koe.

Ik hie krekt frege hwer't ik in fyts hiere koe, doe't ik opiens myn fyts op syn âl plakje stean seach. Ik allang bliid, mar de "earlike" dief hie my wol op in ûre efterstân setten. Ik sette de spurt der yn, hwant dy ûre siet my al hwat dwers. Underweis nei Balk tocht ik noch, "hwat hawwe guon lju dochs in drokte mei dy âlvesteddentocht, it is my neat"!
Yn Himmelom stie in Harnser kollega mei kofje oan'e dyk. Krekt echt.

ORANJEFORIENING

Us doarpsfeest, ien kear yn it jier,
it wie dan hwer sa fier.
Njoggen ûre: "Eensgezindheid" stie wer klear,
der efteroan in bulte weinen en guon dy't rounen,
we hiene it net mear.
De jury hie it dan ek net maklik;
dank oan Bouwhús en van Urk foar dit wurk.
Letter waerd 'er op it sportterrein fûl spile,
troch lyts en great, se woene it allegear net forlieze.
Troch oermacht gongen we trije wiken letter fjidder,
we fregen ús ôf: binn' se noch yn'e stemming, hoe soe
dit sitte?
Om fjouwer ûre stiene de skoalbern fan Tsjerkwert en
Gaest al klear,
om to fuotbaljen, wer soe de beker hinne gean, dizz'
kear?
Gaest woun dit kear mei ien - nul,
mar "Tsjerkwert" set folgjend jier alles op it spul"!!
Jouns kamen de seis "Zeskamp-ploegen" yn aksje,
earst de tinkers mei in goed antwurd en snelle reaksje.
De frije ekspresje brocht forskate dingen oan it ljocht;
forskillende stêden en doarpen mei in bynamme waerden
bisocht.
Iemswâldster reed, dy is och sa min
en hwat ús Willempie net kin!!!
Ek forskillende doarpsminsken waerden nei foaren helle;
de "balade fan Longerhouw", Pier koe it ús moai fortelle;
14 forskillende ynstruminten, hwat hearde dat moai,
men kin dochs in protte birikke, sa meielkoar.
De "lachspieren" wiene dan ek goed losmakke,
noch efkes dounsje en doe binne hja allegear hwer ôfsakke.
Oare moarns waerden de útbuorrens al bitiid wekke:
Schakel kaem lâns mei de skille om ús alles to fortellen.
Njoggen ûre de muzyk hwer troch it doarp op stap,
doe 10 foksen opsocht; se wiene dizze kear net krap!
It matinee wie ek och sa gesellich,
we kinne der dan ek noch wol ûren oer neifortelle.
Om twa ûre kamen de séis ploegen oansetten,
der wie fêst wol in spul by mei wetter.
De minsken ha dan ek wol laitsje kint,
sommigen siet de smargens oant op it himd.

De heer Jan van Noord, van de Cultuurtechnische Commissie, zei, dat de provincie zo spoedig mogelijk moet reageren op de relatie-nota Landelijke gebieden.
Gedeputeerde Ir. L. Eringa voerde het woord namens de provincie. Ir. Eringa bracht naar voren, dat het grootste werk in een ruilverkaveling al is geschied, als de werkzaamheden al worden uitgevoerd. Nu de eisen van C.R.M. op tafel liggen, is de commissie werkklaar.

Nadat diverse sprekers het woord hadden gevoerd, was het laatste woord aan de heer Willem Schakel, voorzitter van de commissie. Hij bedankte alle instanties, die hadden meegewerkt om te komen tot installatie van de voorbereidingscommissie. Het is een gebied met historie, waar men elkanders belangen nauwkeurig dient af te wegen. Het is geen gemakkelijk gebied, erkende de heer Schakel, want naast weidevogelgebieden, zijn ook de rustplaatsen van ganzen van belang.
De commissie bestaat uit de heren:
Willem Schakel, Tjerkwerd (voorzitter); mr. Klaas Bijleveld, Sneek; Jan Galama, Tjerkwerd; Aize Gietema, Exmorra; Willem Harders, Parrega (wethouder); Lambertus Hylkema, Gaast en Albert Reinsma, Gaast.

==========

Waarom de telefoon tijdens de installatie ging .....

Onder de speech van burgemeester Tjeerdsma ging reeds enkele malen de telefoon in de raadszaal, waar de installatie plaats vond. Burgemeester greep de hoorn en gaf deze pardoes aan zijn buur in de raadszaal. Nadat deze had gezegd, dat de burgemeester niet mocht worden gestoord, gooide deze de hoorn er weer op. Telefoon ging opnieuw, doch het bleek dringend te zijn.
De Werkgroep naar een beter Zuivelbeleid stond voor de Afsluitdijk en de burgemeester diende hun toestemming te verlenen om de afsluitdijk over te steken. Het is gebleken, dat zij toestemming hebben gekregen, want 's avonds bevond men zich in Noord-Holland.

Jan Melchers.

Klas 5 en 6 jonges: 1. Jelle Feenstra; 2. Auke Postma;
3. Menno Poelstra.
Klas 5 en 6 famkes: 1. Eelkje Velema; 2. Joukje Brouwer;
3. Reinie de Jong.

Draekflean-wedstriid: priis foar de greatste: Meindert v.d.Wal;

priis foar de lytste: Meinze Bakker; soarchsummens hwermei 'er makke is: Hilda Poelstra; model, kleuren en forsiering: Meindert v.d. Wal; stand en hichte: Jaap van Lingen en Jelle Twijnstra; earfolle formelding: Sjoerd Bakker.

Optocht weinen: 1. Ot en Sien; 2. Boterberg; 3. De Bereboot; 4. It Skieppesturtsje; 5. Indianen kleine middenstanders; 6. Spijkers met koppen; 7. Onder moeders paraplu; 8. Met melk meer mans; 9. Vleermuizen; 10. De Zeerovers.

Lytse weinen:
1. Kabinetsformatie; 2. Vleermuizen Tjerkwerd;
3. Trektocht door Friesland; 4. Ot en Sien. Lêste beide mei earfolle formelding.

Rinnende: 1. Bakker; 2. Chinees; 3. Beer met oppassers.

Fuotbalwedstriid, skoallen Tsjerkwert-Gaest, útslach:
1 - 0 foar Gaest.

Foksejacht: 1. Ineke Feenstra-Sybesma; 2. Frou de Jong-Jorritsma; 3. Jelly de Jong; 4. Pier Burghgraef; 5. Bea Gietema.

Zeskamp: 1. Rytseterp: 34 punten; 2. Ymswâlde: 30 pnt.;
3. Waltawei: 26 pnt.; 4. Arkum: 25 pnt.;
5. Beabuorren: 20 pnt.; 6. Singel: 19 pnt.

==========

Nieuws van de sportvereniging .....

Het zomer-seizoen is nu weer achter de rug en ik mag geloof ik wel zeggen, dat dit succesvol is geweest.
De deelname voor het kaatsen is het hele jaar vrijwel konstant gebleven. Toch hebben we verschillende mensen op de dorpsfeesten zien kaatsen, welke nooit op kompetitie-kaatsen komen. Kunnen we volgend jaar ook op deze kaatsers rekenen?

NIJE YNWENNERS:

Aan het verzoek om ons voor te stellen in de dorpskrant It Skieppesturtsje, willen we graag voldoen.
Onze fam.naam is Velema; behoren bij de Ger.Kerk en wonen op Sylroede 8 te Tjerkwerd. We zijn in het rijke bezit van 5 gezonde kinderen; 1 zoon en 4 dochters.
De zoon, die ook de oudste is, studeert in Rotterdam voor leraar Bouwkunde.
De twee oudste dochters Joke en Carin gaan resp. naar de Havo en Chr. Mavo in Bolsward. Onze jongste spruiten, Eelkje en Esther, bezoeken de school bij meester de Kroon.
Moeder van 't gezin, helpt bij bejaarden en houdt erg van knutselen, handenarbeid enz. Hoofd van 't gezin, is werkzaam als prod.chef bij Nestlé, Bolsward. We zijn met ons gezin, met veel plezier hier gaan wonen en hopen op een gezellige tijd in Tjerkwerd.

++++++++++++

TWADDE WENTEN!!!!!!

It hawwen fan twadde wenten yn de lytsere doarpen, is in great kwea. Gelokkich binne wy aerdich sparre bleaun foar in to great oantal yn Tsjerkwert. Gelokkich bistiet der yn ús gemeente in regeling, dat der gjin twadde wenten mear by komme meije. Dochs binne der altyd wer minsken, dy't troch de mazen fan it net glûpe (sjoch bgl. Colenbrander) en de doarpsmienskip sit mei sokke lju opskipe.
Der steane op it momint wer inkelde wenten leech en de redaksje rekkent it ta har taek der op to wizen, dat dy wenten allinne foar permaninte biwenning brûkt wurde meije.
Us Fryske plattelân moat bileaven net noch mear oerwâdde wurde troch wykeingasten út Hollân of (noch slimmer) Dútskers.
Us doarp keapet neat foar sokke "gasten" en foar ús doarp moatte en wolle wy noed stean!

.....

VROUWENVERENIGING.

Woensdag 12 oktober a.s. houdt de vrouwenvereniging weer haar jaarlijkse verkoop en spelletjes-avond. We hopen, dat de opkomst weer goed zal zijn, net als de vorige jaren. Degenen, die d.m.v. eventuele kado's of iets van dien aard willen bijdragen, worden verzocht dit bij één van de bestuursleden af te geven.
We verwachten u in het "Waltahûs", 's middags tussen half twee en twee uur, of 's avonds om acht uur.

B. B.-P.

Snypsnaren:

- it gebit fan Bernard Y. is wer torjochte.
- de kaertklub hat forlet fan leden op tiisdeitojoun yn it Waltahûs; dat is hwat foar Jo!!!!
- by Maurix leit de fundearring foar in manege; moai foar it hynstefolk ûnder ús.
- Ids S. wist net hwat in earrebarre wie, hy tocht in frjemdsoartige boarre.
  Rie fan'e redaksje: goed yn 'e reiden sjen Ids, dêr komt er wei!!!
- de frouljus-gymnastiek floreart! Se sitte samar op'e kast.
- redaksjelid oan skriuwer doarpsbilang:-Is er ek kopy? Skriuwer: - Ja, der is al hwat, mar ik wit net mear hwat!
- Cor v.d. Stap sit op Mallorca, Brandsma wipt de brêge.
- Rytseterp en Waltawei hawwe it jild fan de priis,"op-barbecued", Beabuorren hat it forsnobbe, de oaren hawwe it oppotte.
- Jan v.d. Stap is hockey-international yn Boalsert.
- der is beton stoart yn "it gat fan Rinske en Brechtsje".
- Anny de Jong hat 4 jong katten: Heareward, Ryklef, Alderik en Holder (de bolder ?)
- Jelly de Jong in nije auto, Jan Blanksma in nije auto o o o o o o o en it ûnderwizend personiel mar kleije .
- leverje Jo Jo kopy ek efkes yn foar 10 novimber ?
- Moai sa !!!!

;=;=;=;=;=;=;=;=;=;=;=;=;=

3